



FRYSKE NASJONALE PARTIJ

finansjeel jierferslach 2016

begrutting 2017

en

mear jierren begrutting 2017 t/m 2020

ynhâldsopjefte:

- a. yn 't foar – koarte *gearfetting*
- b. ferslach kaskommisje 2016
- c. ûndertekening troch alle bestjoersleden FNP fan de jier rekken 2016
- d. taljochting op de balans 31 desimber 2016 – *activa* + *passiva*
- e. taljochting op de jier rekken 2016 – *ynkomsten* + *útjeften*
+ taljochting op de oanpaste begrutting 2017
- f. taljochting op de mear jierren begrutting 2017 t/m 2020

taheakke:

1. jier rekkens 2013 t/m 2016
+ *ferkoarte* jier rekkens 2013 t/m 2016
2. mear jierren begrutting 2017 t/m 2020
3. de balans op 31 desimber 2016
4. lede-tallen en lede-administraasje 2000 t/m 2016
5. inkomsten en ôfdrachten dien oan de ôfdielings 2016
6. kengetallen 1982 t/m 2016

a. yn 't foar

Dit is in koarte **gearfetting** fan de sifers yn wurden. Ek inkelde punten dy't de kommende tiid benammen ús omtinken freegje, wurde beneamd.

1. Ledetal: De delgeande trend set troch.

Rûn it ledetal yn it jier **2014** noch op, yn **2015** seagen we in ôfname fan **55** leden en yn **2016** in ôfname fan **44** leden. Der binne **24** leden ynskreaun / 5 leden binne ôffierd fanwegen net beteljen / 13 leden binne ferstoarn en **50** leden ha betanke as lid. We hawwe op 31-12-2016: **1174** leden.

(Op it hichtepunt fan 31-12-2003 stie de teller op **1363** leden). It tal **froulike** leden is **353** en dat persintaazje leit no op **30,1** %.

2. Mear jierren begrutting

It hat der om spant by de provinsjale Steate ferkiezings fan maart 2015, mar it politike klimaat hat him de lêste moannen foar de ferkiezings sa ûntwikkele dat it de **OSF** slagge is, om op eigen krêft op 'e nij in **senator** yn de Earste Keamer te krijen. Dêrmei binne ek de finansjele ynstruierders foar de FNP, yn elk gefal t/m 2018 feilich steld. De mear jierren begrutting is der op oanpast. Wol is it sa, dat de bydrage fanút de OSF de kommende jierren **leger** is, om't der mear partijen rjocht hawwe op in bydrage.

Finansjeel stiet de FNP der goed foar. It eigen fermogen is yn 2016 nei boppe gien en de jierrekken kin mei in posityf saldo fan **€ 63.910,72** ôfsletten wurde.

Fansels hawwe de subsydzjes fan de **OSF** in oanhâldende positive ynfloed op de jiersifers, mar ek de solidariteits bydragen binne wichtig en tevens betelje de steate- en de wetterskipsfraksje harren part yn de ynternet- en gearkomste kosten. Ek it legaat fan de hear **Abma** út Ysbrechtum fan € 37.000,00 (wer fan dit jier € 35.000,00 útbetelle is) wie in finansjele tafaller. Fierders wurde de kosten yn brede sin goed yn 'e hân hâlden.

Foar 2020 hawwe we yn de begrutting foarearst net in bedrach oan ynkomen by de post subsydzje OSF opnaam, om't der pas mear dúdlikheid is nei de steateferkiezings fan 2019.

Ha jimme fragen en/of oanmerkingen op dit ferslach, dan sjogge wy deze fierder mei belangstelling yn 'e mjitte,

Eddie de Vries ponghâlder
april 2017

Tjibbe Brinkman administrateur

Royaal as it kin, mar sunich as it moat !!

C



***undertekening troch alle bestjoersleden FNP
fan de jier rekken 2016***

Yn it karbrief stiet it neifolgjende yn FNP Kêst 17 – lid 2:

2. It haadbestjoer bringt op de jierlikse maitiidsgearkomste, as bedoeld yn kêst 17 lid 2, syn jierferslach út oer de gong fan saken yn de feriening en oer it útfierde belied.

It leit de balâns en de steat fan ynkkomsten en lêsten mei in taljochting oan de gearkomste oer.

Dy stikken wurde troch alle haadbestjoersleden ûndertekene en ûntbrekt de ûndertekening fan ien of mear fan harren, dan wurdt dêrfan ûnder opjefte fan reden een melding makke.

Nei ferrin fan de termyn, as neamd yn kêst 17 lid 2, kin elk lid fan it haadbestjoer yn rjochte foarderje dat elts fan harren dizze ferplichting neikomt.

Namme en hantekening:

Ultsje Hesper

Hylke Heidstra

Jetske Lysbeth de Groot

Cees Nieboer

Johannes Elzinga

Jaap Cuperus

Jan Lammers

Eddie de Vries

b



ferslach kaskommisje 2016

De kaskommisje bestie diskear út:

- **Pytsje de Graaf** fan **Ternaard**
- **Bram Bonnema** fan **Frjentsjer**

Hja hawwe op freed **21** april 2017 mei ponghâlder **Eddie de Vries** en administrateur **Tjibbe Brinkman** gear west foar kontrôle fan de finânsjes oer **2016**.

Hja ferklearje hjirby, dat foarlizzende jierrekken oerien stimt mei de fan har neigiene stikken en dat de posten troch de stikken dutsen wurde.

Hja stelle de ledegearkomste dêrom út, de ponghâlder en it haadbestjoer te ûntlêstigen foar it yn 2016 fierde finansjele behear troch it **goedkarren** fan it finansjeel jier ferslach **2016**.

Ofgeand lid fan de kaskommisje is **Pytsje de Graaf** en yn har plak sil reservelid **Sicco Rypma** fan Blauhûs yn 2018 de kaskontrôle útfiere.

Der moat yn de Algemiene Ledegearkomste **2017** wer in nij reservelid beneamd wurde.

Ljouwert, **21** april 2017

Pytsje de Graaf.....

Bram Bonnema

d - taljochting op de balâns 31 desimber 2016

AKTIVA

Fêste aktiva

FNP-Hûs

It partijhûs oan de Obrechtstrjitte 32 yn Ljouwert is as **PM** opnommen, om't dat fermogen net brûkt wurde kin yn de eksploitaasje. It binne gjin **likide** middelen.

In yndikaasje fan de frije ferkeapwearde is it bedrach dêr't de ûnreplik saakbelesting op basearre wurdt fan € 133.000,00.

Flottende aktiva

foarrieden

foarprinte papier Frijbûtsers	€	2.102,80
foarried papier	-	25,00
55 tinkboeken à € 10,00	-	550,00
29 FNP flaggen à € 27,50	-	797,50
70 FNP sjaals à € 8,50	-	595,00
38 FNP mûtsen à € 4,50	-	171,00
62 FNP jassen à € 32,50	-	2.015,00
60 FNP spandoeken à € 40,00	-	2.400,00
10 FNP petten à € 2,50	-	25,00
5 banieren mei spandoek	-	<u>240,00</u> +
Totaal	€	8.921,30

Foarderings op koarte termyn

it saldo noch te barren / yn 't foar betelle op 31 desimber 2016 bestiet út:

depotbedrach TNT	€	385,00
te barren rinte 2016	-	769,71
noch te barren ledejild	-	808,50
noch te barren solidariteits bydragen	-	4.793,00
noch te barren OSF subsydzje 2016	-	<u>19.352,01</u> +
Totaal	€	26.108,22

Likide middels

It saldy Rabobank en Regiobank neffens de dei-ôfskriften.

Kas neffens oersjoch en opname fan de administrateur / partijhûs.

PASSIVA

Eigen fermogen

De reservearringen foar de ferkiezings en oare gruttere útjeften, dy't foar de nei-oane takomst te foarsjen binne, wurde ynsjochtlik makke op de **mearjierren begrutting**.

It legatie fûns sil (neffens it beslút fan it Haadbestjoer) allinne brûkt wurde foar spesjale projekten en útjeften en is yn 2016 net wizige. De rinte oer it legatie fûns wurdt wol brûkt yn de eksploitaasje.

Eigen kapitaal op 01-01-2016	€	246.971,75
Plus posityf saldo gewoane ynkkomsten en útjeften		63.910,72
Totaal eigen kapitaal op 31-12-2016	€	310.882,47

Skulden op koarte termyn

It saldo noch te beteljen bestiet op 31-12-2016 út de folgjende posten:

Leanheffing / sosjale lêsten desimber 2016	€	530,00
Porti Frijbûtser		444,30
Presinsjeïlden oer 2016		952,96
Totaal	€	1.927,26

e - taljochting op de jierrekken 2016

A. ynkomsten

1. LEDE BYDRAGEN

Rûn it ledetal de lêste jierren stadichoan wer op, yn it jier **2016** sjogge we in ôfname fan **44** leden en binne er op 31-12-2016 **1.174** ynskreaun.

De gemiddelde bydrage fan elk lid is leger as foarich boekjier en wol € **36,12**.

De gemiddelde bydrage oer 2015 wie € **37,63** en dy is oer 2016 dus ôfnaam mei 0,95 %

It útfieren fan it ynkasso belied is **oanhâldend** belied. Ek troch persoanlik telefoanysk kontakt te sykjen, sawol fan de partijhûsmeiwurkers / HB en ôfdielingsbestjoerders, wurdt oantrune op beteljen, mar it bliuwt swierrich. Úteinlik binne der yn 2016 **5** leden útskreaun fanwege niet beteljen. En steane der oan it ein fan it jier **33** noch **net** betellers op 'e list. Dit is **2,82%** fan ús ledebestan.

It bysûnder reglemint oangeande it ynbarren fan it ledejild is oanpast. De perioade fan noch net betelle, is werom brocht ta sa'n **oardel** jier. Yn dat skoft is der dan in **earste** akseptgiro de doar útgien, binne der **trije** oanfiterbrieven ferstjoerd en is der dan **twa** kear persoanlik kontakt opnaam, de earste kear fanút partijhûs, twadde kear troch it ôfdielingsbestjoer en/of ponghâlder.

Al hiel lang wurdt de minimale ledebydrage fan € **24,50** net ferhege. Neffens beslút fan in **algemiene lede gearkomste** soe de minimum-bydrage jierliks oanpast wurde moatte oan de ynflaasje, mar der wurdt fan ôfsjoen, salang't de finansjele posysje fan de feriening der sa goed útsjocht. Wanneer der by it betankjen as lid as reden 'om finansjele reden' oanjûn wurdt, hat it HB besletten om yn dat gefal harren tydelyk de mooglikheid oan te bieden om foar heal jild (€ **13,00**) lid bliuwe te kinnen. Wol op betingst, dat mocht it wer wat rommer "**sopkje**", it **normale** lidmaats kips jild betelle wurdt.

2. BYDRAGE RIEDSLEDEN / WETHALDERS / BOARGEMASTER / STEATELEDEN / DEPUTEARRE & WETTERSKIP

Dit jier jildt foar alle riedsleden een solidariteitsbydrage fan **5%** en foar wethâlders, boargemaster, steateleden, deputearre- en wetterskipsfraksjeleden in solidariteits-bydrage fan **10%** fan de bruto fergoeding dy't der foar it rieds- wethalder- steatewurk - etc. betelle wurdt. Op **inkelde** riedsleden en **wethâlders** nei is yn **2016** fan elkenien de solidariteitsbydrage binnenkaam.

3. JEFTEN

De post jeften bestiet foar it grutste part út troch bestjoersleden en frijwilligers werom stoarte ûnkoste fergoedings, mar der wurdt ek wolris troch leden neist harren ledejild in jefte oermakke.

4. OPBRINGST FERKIEZINGSFUNS

5. SUBSYDZJES OSF

Yn **2016** hat de **OSF** yn totaal in bedrach fan € **19.352,01** oan **subsydzje** oan de **FNPF** takend. Dêrta moat it **HB c.q.** de **ponghâlder** offisjele rekkens fan troch it Ryk subsidiabel achte **projekten** oanleverje. Deze inkomsten binne inboekje in 2017.

6. OARE YNKOMSTEN

De ynbarde rinte is de lêste jierren hurd werom rûn. Oer 2016 is it ek wer bot sakke neffens 2015. Is der oer 2015 noch € 2.778,75 rinte ynbarde, oer 2016 is de nog yn te barren rinte € 769,71 Fierders binne by dizze post de bydragen fan de steate- en wetterskipsfraksje resp. € 1.000,00 foar de ynternet ûnkosten ferantwurde. Dêrneist hat de fraksje inkele gearkomste kosten foar harren rekken naam. En fierders kinne we hjir noch in bedrach fan € 200,00 beneame, welke de **EFA** betelle hat foar in advertinsje yn de Frijbûtsjer.

B úljeften

1. **OFDRACHT OFDIELINGS**

Neffens beslút fan de ledegearkomste wurdt **25%** fan de troch leden betelle ledejild en troch riedsleden / wethalders / boargemaster / steateleden / deputearre / wetterskipfractie / etc. betelle solidariteitsbydrage oerskreaun nei de ôfdielingsrekkens. Tevens is besletten dat de minimum ôfdracht oan in ôfdieling € 150,00 yn 't jier wêze sil.

Er wurdt € 25 presinsjeild + reiskostefergoeding foar it bywenjen fan provinsjale gearkomsten foar ôfdielings bestjoerders- en politisy op it ôfdielingsrekkennûmer byskreaun.

Alle bank- en webside kosten fan alle ôfdielings komme foar rekken fan FNP. De ôfdielings hiemside, as subdomein by de FNP webmaster ûnderbrocht, komme alle kosten foar rekken FNP.

2. **KOSTEN FRIJBUTSER**

Er binne yn 2016 totaal **8** gewoane Frijbûtsers ferskynd (yn 2015 wiene dat er **6**).

3. **HUSFESTINGSKOSTEN**

De fêste lêsten fan it FNP-Hûs besteane út:

Belestings en fersekerings	€	1.620,53
nutsbedriuwen en rioolbelesting en woz		<u>807,26</u> +
totaal oan lêsten foar it partijhûs	€	2.427,79

Der is yn dit boekjier lyts onderhoud oan it partijhûs útfierd, de kosten € 3.200,00.

KOSTEN BUROBESETTING

No't we fanôf 2015 op 'e nij in OSF-senator yn de Earste Keamer krije, binne we de earst kommende fjouwer jier wer fersekere fan oanbelangjende subysdzje ynkomsten en kin de burohâlder yn fêste tsjinst bliuwe foar 12 oeren wyks.

Lean + ûnbelêste reiskosten wen-wurk	€	11.315,43
UWV/sosjale lêsten		2.782,68
Útbestege leanadministraasje		594,36
Fersomfersekering		176,27
WGA fersekering		<u>50,86</u> +
totaal	€	14.919,60

De oare frijwilligers op it FNP-Hûs wurkje om 'e nocht, mar kinne hun reiskosten fergoede krije. Tsjin de krystdagen wurdt harren elk in krystpakket fan € 75,00 oanbean.

4. **ADMINISTRAASJEKOSTEN**

5. **KOSTEN GEARKOMSTEN**

De kosten fan de gearkomsten foelen de lêste jierren aloan heger út. Yn 2016 binne we rûm binnen de begrutting bleaun. Dit komt ek om't in part fan de ledegearkomsten troch de Steatefraksje betelle binne. Lytse gearkomsten oant sa'n 10 persoanen kinne op it partijhûs telâne, foar gruttere gearkomsten sitte we it meastal yn hotel Duhoux - Wurdum. It oantal gearkomsten nimt gestaag ta en ek kwa opkomst fan bestjoerders, politisy en leden is der gelokkig sprake fan hieltyd mear belangstelling, dêr't we fansels oe sa mei ynnaam binne en ús jild graach oan besteegje.

6...UNKOSTEN FRIJWILLIGERS

Leden fan it haadbestjoer en kommissies kinne har ûnkosten – yn hast alle gefallen wurde allinnich kilometerkosten à € 0,28 – deklarearje.

7...UTLANSKE KONTAKTEN

De útjeften binne dit jier beheind ta, kontribúsjes oan de **EFA** en **EFAJ** + reiskosten foar inkele dielnimmers oan EFA konferinsjes, út namme fan de FNP

8...WERYNDIELINGS

9...REKLAME / PUBLICITEIT

Der binne û.o. lokwinskadvertisjies yn de LC pleats foar de fryske winners fan de Olympyske en Paralympyske spelen yn Rio. Wy hawwe as FNP in bydrage joen oan de aksje fan **Sis tsiis** foar better Frysk ûnderwiis.

10...KADERTRENING

Der is ien gearkomste west mei nije leden.

11...OARE UTJEFTEN

De bankkosten wurde hieltyd heger. Dat komt om't we fanôf 2012 de bankrekken fan de ôfdielings en ek wol fan fraksje budzjet behearders by de sintrale FNP bankrekken ûnderbrocht hawwe. Hja kinne likegoed, mar allinnich ynternet bankierend mei in OnlineKeypas harren eigen finansjele saken regeljen bliuwe. Fanwegen de subsydzje foarskriften foar politike partijen moat der in kontribúsje fan € 604,00 betelle wurde oan de OSF. De hûs oan hûs enkête fan Achtkarspelen koe net subsidiearre wurde troch de OSF en hat finansjele stipe fan de FNP krige.

12...UTJEFTEN FERKIEZINGS

Taheakke – taljochting op de oanpaste begrutting **2017**

De begrutting foar 2017 is yn novimber 2016 fêststeld troch de algemiene ledegearkomste.

Der binne inkelde wizigings oanpast in de begrutting 2017:

- de post ledejilden is troch de ôfname fan it tal leden bysteld fan € 45.000,00 nei € 43.000,00
- hûsfestingskosten 2017 ferhege mei € 15.000,00 y.f.m grut ûnderhâld partijhûs
- kosten burobesetting jierliks ferhege mei € 1.000,00
- utlânske kontakten jierliks ferhege mei € 1.000,00
- administraasje kosten jierliks ferlege mei € 2.000,00

f. . . taljochting op de mearjierren begrutting 2017 - 2020.

Algemien

De **mearjierren begrutting** hat in *ynformearjende* funksje.

De algemiene ledegearkomste behannelet nammentlik allinne de begrutting foar it kommende jier en stelt de jierrekken fan it ôfrûne jier fêst. Dochs biedt de MJB, sa't er no foarleit dochs ynformaasje oer de finansjele stân fan saken en beliedsfoarnimmens foar de nei-oane takomst. De OSF stiet ek de kommende perioade wer boarch foar in fêste boarne fan ynkomen en is de mearjierrenbegrutting dêr op oanpast. Oan dizze dochs altyd wer ûnwisse faktor is ek it yn fêste leantsjinst hawwen fan de burohâlder foar 12 oeren wyks keppele.

Ynkomen

No't we mei de lêste gemeenteriedsferkiezings sa'n goeie slach slein ha en mear riedsleden en no ek 10 wethâlders foar de FNP yn it spier ha, sil de post fan de **solidariteitsbydragen** de kommende fjouwer jier op grûn fan de op de AL fan novimber **2015** oanpaste rjochtlân foar de de solidariteitsbydrage likernôch **€ 8.000,00** heger útfalle as yn de foarige perioade.

Om wat mear lykwicht yn de finansjele ôfdracht oan de partij te krijen, freegje we fan wethâlders, deputearre, boargemaster, DB-wetterskipsbestjoerders it dûbele fan wat riedsleden yn harren gemeente, steateleden en AB-wetterskipsbestjoerders no ôfdrage.

Dêrneist leverje aksjes ûnder ús eigen leden lykas foar it ferkiezingsfûns aardich wat jild op en makket dat ynkomen fan jier ta jier aardich ferskille kinne.

Utjeften

De OSF stiet de kommende perioade wer boarch foar in fêste boarne fan ynkomen en is de mearjierrenbegrutting dêr op oanpast.

Om't de measte ôfdielings faaks mar wat krap by kas sitte, biedt de fermogensposysje fan de provinsjale FNP, no de beliedsmjittige romte om de ôfdielings in hegere trochbetelling as de sûnt lange tiid fêststelde ta te kennen. Op de AL fan novimber 2015 is it útstel oan de leden om dit persintaazje te ferheegjen fan 20 % ta **25%** oannaam.

Alle posten binne opnommen op basis fan ûnderfinings sifers en foar it hiele tiidrek oant en mei 2020.